

De artikelbydragen yn dit nûmer binne fan:

Jarich Hoekstra, berne 1956 te Hitsum, studearre Noarsk en Frysk oan 'e Ryksuniversiteit Grins, wurke fan 1981 oant 1999 by de Fryske Akademy, earst as leksikograaf by it *Wurdboek fan de Fryske Taal* en sûnt 1987 as taalkundich ûndersiker. Promovearre yn 1997 te Grins op *The Syntax of Infinitives in Frisian*. Is sûnt 1999 heechlearaar Frysk oan 'e Christian-Albrechts-Universität te Kiel (Dútslân).

Ferenc Postma, berne 1945, is – nei syn emeritaat (2010) – sûnt begjin jannewaris 2011 as 'Honorary Fellow' oan 't wurk by de UBVU (ôfdieling: 'Bijzondere Collecties'), fan 'e Vrije Universiteit Amsterdam. Hy is ek – sûnt desimber 1997 – as 'Professor extra-ordinarius' ferbûn oan 'e Károli Gáspár Universiteit (KGRE) te Búdapest (Hongarije). Hy waard begjin septimber 2014 as 'Professor honoris causa' ynstallearre oan it yllustre Református Kollégium (SRTA) te Sárospatak. Ein desimber 2016 naam er nei fiifentweintich jier ôfskie as redaksjelid fan *It Beaken*. E-mailadres: f.postma@ubvu.vu.nl – en/of – dr.f.postma.venlo@hetnet.nl

Riemer Reinsma studearre Nederlânske taal en letterkunde oan 'e Universiteit van Amsterdam en promovearre yn 1970. Hy wurke as leksikograaf en wie fan 2000 oant 2009 haadredakteur fan *TaalActief*, in ien kear yn 'e twa moanne ferskinend tydskrift foar lêzers dy't yn harren deistige praktyk in soad mei taal te krijen hawwe. Reinsma publisearre ferskate boeken en artikels oer taal. Yn it moanneblêd *Onze Taal* hie er in fêste rubryk oer strjitnammen. Op dit stuit fersoarget er in rubryk oer toponimen yn it algemien. Yn 2006 publisearre er *Van hier tot Tokio*, oer toponimen oer de hiele wrâld; yn 2009 folge *Namen op de kaart*, oer nammen yn Nederlân en België.

(Basearre op fan 'e auteurs sels oanlevere ynformaasje.)

